

Mear mei it Frysk

Afûk op nei de 100

Beliedsplan 2024-2028



Mear mei it Frysk

Afûk op nei de 100

Beliedsplan 2024-2028

afûk



Ynhâldsopjefte

Ynliding	5
Brûkers sintraal	6
Taalpromoasje	9
Taal trochjaan oan bern	13
Taaloerdracht	15
Kursussen	16
Underwiis	17
Foarskoalsk ûnderwiis	18
Primêr ûnderwiis	19
Fuortset ûnderwiis	22
Spesjaal ûnderwiis	24
Beropsûnderwiis	25
Kultuer	29
Organisaasje	35



- | | | | |
|--|---|---|---|
| 1 Gjin earmoede | 6 Skjin wetter en san-
têre foarsjennings | 11 Duorsume stêden
en mienskippen | 16 Frede, justysje en
sterke publike
tsjinsten |
| 2 Gjin honger | 7 Betelbere en
duorsume enerzjy | 12 Ferantwurde
konsumpsje en
produksje | 17 Gearwurking om de
doelstellingen te
heljen |
| 3 Goede sûnens | 8 Weardich wurk en
ekonomyske groei | 13 Klimaataksje | |
| 4 Kwaliteitsûnderwiis | 9 Yndustry,
ynnovaasje en
ynfrastruktuer | 14 Libben yn it wetter | |
| 5 Lykwaardigens
tusken man en frou | 10 Minder ûngelikens | 15 Libben op it lân | |

Ynlieding

It Frysk is in libbene taal. Hjoed-de-dei brûke likernôch in heal miljoen minsken de taal alle dagen, binnen en bûten de provinsje Fryslân. Al dy minsken brûke it Frysk as memmetaal, om't it foar harren de taal fan it hert is. Yn 2028 bestiet de Afûk 100 jier en yn dit beliedsplan litte wy sjen hoe't wy by de Afûk de kommende fjouwer jier ynsette op wat noch mear mei it Frysk kin. Dêrom neame wy ús beliedsplan: 'Mear mei it Frysk – Afûk op nei de 100'.

Yn dit plan beskriuwe wy foar alle ûnderdielen fan de Afûk wat wy yn de kommende jierren oppakke. Dêrmei is dúdlik *wat* de Afûk dwaan sil. Yn 2024 wurkje wy dizze plannen út yn projektplannen, wêryn't dúdlik wurdt *hoe't* wy dit dwaan sille. Op dit plak wolle wy diele *wêrom't* wy dogge wat wy dogge.

Wy sette ús yn om mear mei it Frysk te dwaan, om't wy thús binne yn ús taal en it utering jout oan ús gefoel en identiteit. De taal jout ferbining mei oare minsken yn ús mienskip. Wy sjogge ek dat in meartalige opfieding in pree is dêr't minsken in hiel libben wille fan hawwe. Boppedat hat it brûken fan it Frysk ekonomyske wearde.

Wy binne hjiryn as Friezen mei ús Fryske taal net unyk. In hiel soad minsken op dizze wrâld binne meartalich en troch maatskiplike ûntwikkelingen as globalisearring en migraasje wurdt meartaligens foar hieltyd mear minsken wichtich.

Yn in grutter ferbân rekket dat oan de fraach hoe't wy ús mei ús wurk ynsette foar in bettere wrâld. Goed omgean mei ús taal en mei meartaligens kin helpe om de wrâld in bytsje better te meitsjen. Yn dit plan litte wy dat sjen troch ûnderdielen fan ús wurk te ferbinen oan de duorsume ûntwikkelingsdoelen ('sustainable development goals') dy't yn de Feriene Naasjes ('United Nations') mei inoar ôfpraat binne.

Brûkers sintraal

De Afûk is yn 1928 oprjochte yn in tiid dat der in rop wie om de Fryske taal te beskermjen en ek om derfoar te striden dat it Frysk in grutter plak yn de maatskippij krije soe, yn alle hoeken fan de mienskip. Sûnt dy tiid is der in soad feroare. It Frysk hat syn posysje krigen yn de Nederlânske en Europeeske wetten en regelingen: dat wie nedich en it helpt de taal foarút.

Dêrom draait it no minder om de beskerming fan de taal sels, mar mear om wat minsken mei de taal dogge. Minsken brûke de taal om te funksjonearjen yn de mienskip: om te praten en te lêzen, om komplimenten te jaan en rûzje te meitsjen, om te sjongen en toaniel te spyljen ensafuorthinne. De brûkers fan it Frysk stean derom sintraal yn dit beliedsplan foar de kommende fjouwer jier.

De wrâld is en bliuwt yn beweging en ús maatskippij ek. Dat betsjut dat wy altyd hifkje moatte hokker plak taal en talen ynnimme yn it deistich bestean fan minsken. Dêrom wolle wy – neist al ús aktiviteiten – de kommende jierren noch mear as no:


- witte wat yn de mienskip libbet
- it Fryske taallânskip en de effekten fan ús wurk ûndersykje
- kontakten ûnderhâlde mei oare lytsere talen
- toetse hoe't men nei ús sjocht en wat men fan ús ferwachtet

Wat libbet yn de mienskip

Wy sykje mear ynteraksje mei de brûkers fan it Frysk, troch it Frysk op lokaal nivo mear omtinken

te jaan. Troch guon aktiviteiten op lokaal nivo te organisearjen – ek al wurkje wy foar de hiele provinsje – tinke wy noch folle tichter op ús doelgroep te sitten en dat direkte kontakt wurket ynspirearjend. Dêrfoar prate wy yn 2024 al mei fertsjintwurdigers fan doarpen om te sjen hoe't yn gearwurking mei de lokale organisaasjes, ferieningen, skoallen en bedriuwen it Frysk mear sjen litten en brûkt wurde kin. Yn dizze beliedsperiode gean wy aktyf mei dizze doarpen oan de slach en dat wolle wy dan fierder útrôle, safolle mooglik troch hiel Fryslân hinne. Wy wolle ek, noch folle mear as no, de minsken sintraal stelle en net de aktiviteiten. Wy besykje de minsken direkt oan te sprekken mei ús aktiviteiten mei fragen lykas: 'Wat soesto dwaan wolle?' en 'Hoe kinne wy dy dêrby stypje?'

In grutte groep Friezen om utens, yn Nederlân en yn de rest fan de wrâld, brûkt it Frysk soms mar kwalik, mar fielt noch wol in sterke bân mei Fryslân of de Fryske taal. De Afûk is foar de measten fan harren ûnbekend en yn de kommende jierren besjogge wy wat wy foar dizze grutte groep minsken betsjutte kinne. Wy tinke bygelyks oan taalkursussen op ôfstân, dy't ek yn it Ingelsk oanbean wurde.



Yn ús eigen organisaasje hawwe wy in ried fan tafersjoch en in advysried mei belutsen minsken út alle hoeken fan de Fryske mienskip. Sy hâlde ús as krityske meitinkers in spiegel foar en sy binne ambassadeurs yn it wurkfjild fan de Afûk. Ek hawwe wy in sessy hân mei in seistal eksterne skerpe tinkers. Yn de kommende jierren hâlde wy dy eksterne blik deryn. Wy wolle ek in jongereinpanel ynstelle. Om't wy in hiel soad materiaal foar bern en jongerein meitsje, mar noch mear direkt mei dy doelgroep prate wolle, kin sa'n panel ús advisearje oer hoe't wy dy doelgroep mear oansprekke kinne. Dêryn sykje wy de gearwurking mei ús stazjêres. Mei ús wurk rjochtsje wy ús noch mear op de jongere generaasje, om't dy it Frysk fierder bringe kin.

It Fryske taallânskip

Foar ús wurk is it fan grut belang dat der wittenskiplik en tapast ûndersyk dien wurdt dat wy as

basis brûke kinne. Hoe sjocht it Fryske taallânskip derút en wat binne de ûntwikkelingen dêryn? Hokker oanpak wurket wol, hokker wurket net, op alle terreinen dêr't de Afûk aktyf is? Om sok type ûndersyk mear te stimulearjen, wolle wy mear gearwurkje mei oare ynstellingen om ús wurk goed te ûnderbouwen en noch effektiver te meitsjen. It ûndersyk nei nije sprekkers mei *Mercator* is in slagge foarbyld fan sa'n gearwurking en der lizze al ôfspraken oer in nij ûndersyk nei de taaloerdracht fan it Frysk fan âlden nei bern. In mooglikheid is dat wy sels tapast ûndersyk dogge.

Oare lytsere talen

Wy operearje al lang net mear as dat iene stikje fan Nederlân dat striidt foar mear rjochten, mar befine ús yn it selskip fan oare lytse talen yn Europa dêr't wy goed mei gearwurkje. Dy útwikseling ynspirearret ús en oaren en helpt ús by it ferbetterjen fan ús wurk.

Leeuwarden
UNESCO
City of Literature

BOEKEN
FAN FRYSLÂN

//Fryske
Boekewike

heit & mem



TOMKE

wy binne
mbû

Sutelaksje



SPOAR 8

— Dichter
fan Fryslân

YUNG FRYSK
ÛS TAAL

Yn de foarige beliedsperioade wie ynternasjonali-searring ien fan de spearpunten. Wy hawwe dêr de ôfrûne jierren ekstra op ynset, foaral yn kontakten mei oare lytsere talen yn Europa, en dat hat fertuten dien. Wy binne lid fan de ynternasjonale netwurken NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity) en ELEN (European Language Equality Network). Dêrmei is ús ynternasjonale netwurk signifikant grutter wurden en dêrmei koene wy meidwaan oan in tal Europeeske projekten, ûnder oare op it mêd fan taalassertiviteit (LISTEN), útwikseling fan kennis ûnder útjouwerijen en skriuwers yn lytse talen (LIT-UP) en op it mêd fan ûnderwiis en it skriuwen fan artikels foar Wikipedia en bewustwurding oer de *gendergap* (WikiWomen).

Ynternasjonale gearwurking is wichtich foar in taal as it Frysk en jout kânsen. It hat bliken dien yn de ôfrûne jierren dat wy de rol as gidsorganisaasje goed ferfolje kinne en dat wy in ferbinende faktor binne yn it (ynter)nasjonale fjild. Wy kinne dêr net inkeld wat helje, mar ek wat bringe foar oare partners. Dizze rol hâlde wy graach en wy sette, by foar-

kar yn gearwurking mei Mercator, provinsje Fryslân en oare oanbelangjende partijen dizze ynternasjonale line graach troch. Sa fergruetsje wy ús kennis en it soarget foar ynnovaasje en mear finansjele mooglikheden, om't wy in berop dwaan kinne op Europeeske regelingen. Dêrneist kinne wy mei-inoar it belang fan it Frysk en oare minderheids-, streek- en regionale talen makliker op de agenda fan nasjonale en ynternasjonale oerheden krije.


Toetse hoe't men nei ús sjocht

Yn 2024 litte wy in imago-ûndersyk nei de Afûk dwaan om de fraach te beäntwurdzjen: hoe wurdt nei ús sjoen en wat kinne wy dêrfan leare? De Afûk is yn in beheind fermidden in sterk merk, mar witte minsken wat wy dogge en komt it byld dat sy hawwe oerien mei de werklikheid? Yn de kommunikaasje nei bûten ta brûke wy foar it wurk oare sterke merken, faak yn gearwurking mei oare partners (tink oan: *Taalplan 2030*, *Tomke* en *Praat mar Frysk*). Sjoch foar mear foarbylden de yllustraasje. Op basis fan de útkomsten fan dit ûndersyk wolle wy ús yn de kommende jierren noch better presintearje.

Taalpromoasje

Troch te praten oer taal wurdst dy bewust fan de rol fan taal yn dyn deistich libben. Wy hawwe yn ús wurk en mei ús projekten ûnderfûn wat sa'n petear losmakket: ynsjoch yn de eigen taalhâlding en -oannames, begryp oer en wer yn in team of organisaasje oer inoars taalgebrûk, eftergrûnen en identiteit, entûsjasme om mear mei it Frysk en/of meartaligens te dwaan yn it wurk. En fan dêrút ek reewilligens om yn aksje te kommen en it Frysk en oare (streek)talen sichtberder te meitsjen en ûnderling te brûken.

Hjirmei drage wy by oan de folgjende duorsume ûntwikkelingsdoelen:



“It soe goed wêze om yn it taalbelied net allinnich te fokusjen op it learen fan de taal, mar de fokus te ferbreedzjen nei it aktyf brûken fan de taal ûnder nije sprekkers. Stipe foar mear harmonieuze relaasjes tusken tradisjonele en nije sprekkers en it kreëarjen fan mienskiplike sosjale identiteiten soene wichtige stappen wêze kinne yn de aktivearring fan nije sprekkers.”

út: R. Kircher & M. Vellinga, *New Speakers of West Frisian: Promoting Language Learning and Use to Foster Revitalisation*

Praat mar Frysk

De workshop *Psychology fan dyn Taal*, dy't wy yn Europeesk ferbân ûntwikkele hawwe binnen it LISTEN-projekt, wie dêrby in wichtich ynstrumint. Dizze workshop sette wy ek de kommende jierren yn en wolle wy boppedat trochûntwikkelje foar oare doelgroepen. Dêrneist hawwe wy in soad petearen fierd mei bedriuwen en organisaasjes yn it ramt fan ús aktiviteiten op it mêd fan de sichtberens fan it Frysk. Ek dat hat hiele moaie resultaten opsmiten yn kombinaasje mei de regeling Sichtberens Fryske Taal fan de provinsje Fryslân. Wy wolle hjir graach mei fierder, want der falt noch in soad te winnen as it om de sichtberens fan it Frysk giet.

Wat tichter ast by de deistige praktyk sitst, wat better de petearen en aktiviteiten wurkje en foar draachflak soargje. Wat lokaler, wat better. Dêr spylje wy mear op yn: op lokaal nivo mei meardere groepen it petear oangean en praktyske help en stipe jaan om it Frysk sichtberder te meitsjen, mear te praten en te learen. Dat dogge wy mei mei jonge âlden, mei learkrêften en learlingen, mei wurk-

jouwers en wurknimmers, mei amtners en bestjoerders, mei trainers en sporters, mei frijwilligers, ZZP'ers, nije learders en mei Fryskpraters. It ynterpersoanlike gebrûk fan de Fryske taal en de sichtberens fan de taal binne de spearpunten yn ús wurk.

Ekstra omtinken is yn dizze beliedsperioade foar Frysk by sportferieningen yn gearwurking mei Sport Fryslân en foar nije Fryskpraters. Dat lêste op basis fan de oanbefellingen dy't yn it ûndersyk oer nije Fryskpraters neamd wurde.

Foar en mei jongerein sette wy de kampanje *Yung Frysk* fuort, in gearwurking tusken Afûk, Wy binne mbû en Omrop Fryslân. Sjoch foar mear de paragraaf oer it middelber beropsûnderwiis (mbû) yn it haadstik Taaloerdracht.

Lykas altyd meitsje wy binnen ús wurk tûke ferbinningen (yntern en ekstern) om it Frysk in plak te jaan yn ferskillende domeinen. De *Praat mar Frysk*-kampanje wurdt dêrby op ferskillende wizen ynset, rjochte op de oanbelangjende doelgroep.



Frysk yn it Bedriuwslibben

Ek yn dizze beliedsperiode hawwe wy wer petearen mei bedriuwen of organisaasjes om te hearren hoe't sy mei it Frysk en oare talen omgean en hoe't wy de sichtberheid en it brûken fan it Frysk mei-inoar fersterkje kinne. Mei-inoar meitsje wy in plan en wy jouwe stipe by de útfiering dêrfan. Wy wurkje dêryn gear mei de provinsje Fryslân as it giet om de sichtberens fan it Frysk en biede foar it fergrutsjen fan kennis ek ús kursussen en workshops *Taal yn dyn Wurk* en *Psychology fan dyn Taal* oan. Dêrneist helpe wy mei oersettingen, biede wy kursussen Frysk oan en jouwe advys oer de ynterne en eksterne kommunikaasje. Dy bewust wêze fan de mearwearde fan it Frysk en it behearskjen

fan it Frysk is yn Fryslân in wichtige beropsfearnichheid. It helpt dy better kontakt te meitsjen mei dyn klanten en dyn kollega's, it skept fertrouwen en kin soargje foar in grutter gefoel fan wolwêzen. Yn gearwurking mei de mbû-opliedingen en ús kollega's fan *Wy binne mbû* soargje wy derfoar dat studinten út de ferskillende sektoaren harren bewust wurde fan de rol fan taal yn harren wurk en dêr binnen harren oplieding en staaazjes ek konkreet mei oan 'e slach gean. Op dy wize kinne sy harren kennis en kunde op it mêd fan taal letter ek ynsette yn harren wurk. En sa wurdt it plak fan it Frysk yn it bedriuwslibben hieltyd fanselssprekender. Sjoch fierder *Wy binne mbû* yn it haadstik Taaloerdracht.

Frysk yn de Soarch

Lykas by it bedriuwslibben prate wy dizze belieds-
periode ek mei soarchynstellingen oer de rol fan taal
yn it algemien en de posysje fan it Frysk dêryn yn it
bysûnder. Ek dêrby wurde de al earder neamde as-
pekten bewustwurding, taalhâlding, sichtberens en
taalbehearsking meinommen, sadat der geandewei
ek taalbelied ûntstiet binnen dit domein. Binnen de
sûnenssoarch rjochtsje wy ús benammen op sike-
huzen, kremsoarch, konsultaasjeburo's, geastlike
sûnenssoarch, húsdokters en ferpleech- en âlderein-
huzen. Wy sykje dêrby de gearwurking mei de oan-
belangjende organisaasjes dy't foar dizze domeinen
wurkje, lykas GGZ Friesland en GGD Fryslân. Dêrneist
gean wy troch mei it ferfryskjen fan de pasjinte-yn-
formaasje fan sikehuzen troch it ynsprekken fan
animaasjefilmkes fersoarge troch *Indiveo*.

Foar it fergrutsjen fan de taalbehearsking by soarch-
meiwurkers sette wy ús online kursus *Frysk yn de
Soarch* yn en ek ús oare kursussen en workshops
kinne wy op maat oanbiede foar dizze doelgroep. As
oanfolling wolle wy dêr ek in taalapp by ûntwikkelje
en wy besjogge oft wy kommunikaasjemodules foar
soarchprofesjonals en -studenten ûntwikkelje kinne.
Beide neffens it foarbyld fan de Welske app: *Gofalu
Trwy'r Gymraeg* (Caring through Welsh).

Ek binnen dizze sektoaren sykje wy de gearwurking
mei de relevante mbû- en hbû-opliedingen mei as
doel om studinten taalbewust te meitsjen, sadat sy
dy kennis letter ek yn harren berop tapasse kinne.



“Wy stimulearje dat nijkommers dy’t yn de soarch komme
te wurkjen Fryske taalles krije. Dêrtroch kinne se better yn
kontakt komme mei foaral âldere pasjinten.”

út: Bestjoersakkoart Provinsje Fryslân 2023-2027



Oerheden

As it giet om oerheden folgje wy de Bestjoers-ôfspraak tusken provinsje en Ryk en stypje wy gemeenten en oare oerheden yn it meitsjen en útfieren fan harren belied en it heljen fan de lange termyn-doelstellingen. It Frysk yn it rjochtsferkear hat dêrby ek ús omtinken. De wichtichste spearpunten lykas sichtberens, it sosjale domein, ûnderwiis, kommunikaasje en biblioteken komme yn dit haadstik of op oare plakken yn dit beliedsplan oan bod.

Dêrneist wolle wy yn gearwurking mei in tal gemeenten, DINGtiid en oare partijen ûndersykje oft in lokaal hânfest foar it Frysk/streektalen foar gemeenten ek in wurkbere wize is om hannen en fuotten te jaan oan lokaal taalbelied.

Taal trochjaan oan bern

It fuortbestean fan in taal is ôfhinklik fan de jongere generaasje. As âlden de Fryske taal net mear trochjouwe oan harren bern, is de kâns lyts dat bern harren dy taal letter eigen meitsje. De Afûk wol (oansteande) âlden dêrom bewust meitsje fan de foardielen fan in meartalige opfieding.

Mei heldere en ynspirearjende foarljochting wol de Afûk (oansteande) opfieders fan bern bewust meitsje fan de krêft fan in twa/meartalige ûntwikkeling. Dêrneist wolle wy harren ynformearje hoe't sy dy

meartalige ûntwikkeling sa goed as mooglik stimulearje kinne. It belangrykste dêrby is dat bern opgroei yn in taalrike omjouwing. Troch in soad mei bern yn it Frysk te praten, yn it Frysk foar te lêzen, Fryske ferskes te sjongen en oare taalaktiviteiten te dwaan, krije de bern in stevige talige basis dy't essinsjeel is foar it goed meartalich opgroeien. De Afûk makket trochgeand nije oantreklike en brûkbere materialen dy't derfoar soargje dat opfieders fan jonge bern it Frysk mear brûke kinne en wolle. Thús, fia de kreamsoarch en konsultaasjeburo's, by pake en beppe, by de berne-opfang, by de gastâlder, mar ek op 'e telefyzje/tablet en yn de rest fan de omjouwing fan jonge bern.

heit&mem

Yn de bewustwurding en ynformaasjeoarsjenning is it platfoarm *heit&mem* in belangryk kanaal. Mei it twatalige tydskrift, online platfoarm en aktiviteiten hat *heit&mem* in grut berik by (oansteande) âlden fan Fryslân. *heit&mem* siket ek kontinu nei nije wizen om de doelgroep oan te sprekken, lykas mei in podcast oer it meartalich grutbringen fan bern.

Tomke

De aktiviteiten en kanalen fan *Tomke* soargje der ek foar dat it materiaal te plak komt by de opfieders fan pjutten. Dêrneist wurde de materialen hieltyd ûnder de oandacht brocht fia biblioteken, (boek)winkels, konsultaasjeburo's en op oare plakken dêr't opfieders fan jonge bern komme.



Lês-mar-foar-wiken

Ut ûndersyk blykt dat foarlêzen it sterkste middel is om de taalûntwikkeling te stimulearjen, hielendal foar in minderheidstaal as it Frysk. (sjoch: E. Bosma, E. Blom, *Language activities in a minority-majority language context: book-reading at home is more important for Frisian than for Dutch*, 2020) Bern dy't in soad foarlêzen wurde, hawwe ûnder oare in bettere wurdskat, wurdopbou en grammatika yn it Frysk. De Afûk organisearret mei in tal oare organisaasjes dêrom alle jierren de *Lês-mar-foar-wiken*. De hiele moanne septimber is der ekstra omtinken foar it foarlêzen yn it Frysk: op de pjutte-opfang, op skoallen, by biblioteken en op oare lokaasjes dêr't opfieders fan bern komme.

Undersyk taaloerdracht

Yn dizze beliedsperioade is de Afûk partner yn in ûndersyk nei de taaloerdracht fan it Frysk fan âlden nei bern. Dit ûndersyk wurdt útfierd yn gearwurking mei de Fryske Akademy-Mercator en ECMI yn Flensburg. Der wurdt ûnder oare ûndersyk dien nei de hâlding fan de âlden tsjinoer it Frysk en tsjinoer it meartalich grutbringen fan bern, nei de middels dy't de âlden ta har beskikking hawwe wolle om harren

te helpen de taal oer te dragen en nei wannear't de âlden dy middels nedich hawwe. Troch ECMI sil in parallel ûndersyk dien wurde nei it Noardfrysk yn Dútslân.

Ynternasjonalsearring


De Afûk is lid fan de ynternasjonale netwurken NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity) en ELEN (European Language Equality Network). It haad fan it team Taalpromoasje hat dêryn foar de Afûk in koördinearjende taak en fertsjintwurdiget de Afûk yn earste ynstânsje yn dizze netwurken. Dêrneist wurdt ôfhinklik fan it ûnderwerp sjoen hokker oare kollega's en teams in bydrage leverje kinne oan dizze netwurkbyienkomsten.


Dêrneist wurdt ynset op it meidwaan oan projekten op it mêd fan taalhâlding, taalbewustwêzen en -gedrach yn Europeesk ferbân yn deselde line as it taalassertiviteitsprojekt LISTEN dat yn de ôfrûne beliedsperioade syn beslach hân hat. Der wurdt ek ûndersocht oft der – as ferfolch op dat projekt – in gearwurking komme kin tusken de Afûk en IAITH út Wales op it mêd fan taalassertiviteit by jongerein en bern.

Taaloerdracht

Foar de maatskiplike posysje en de ûntwikkeling fan de Fryske taal is in prominint plak foar it Frysk yn it ûnderwiis fan it grutste belang. Hjirby gean wy derfan út dat it learen fan it Frysk it bêste slagget troch de taal te belibjen en te brûken. Dêrom sette wy yn op it better behearskjen fan de taal, sawol mûnling as skriftlik.

Hjirmei drage wy by oan de folgjende duorsume ûntwikkelingsdoelen:





Kursussen

Alle jierren folgje hast tûzen minsken in kursus Frysk by de Afûk. Dat binne kursussen om Frysk te ferstean, te praten en te skriuwen, en der binne ek kursussen oer de Fryske skiednis en literatuer.

De measte dielnimmers binne partikulieren dy't in groepskursus folgje, faak op in lokaasje mei in lesjouwer, mar der binne ek online kursussen en it is mooglik om in kursus as selsstúdzje te dwaan. Dêrneist jouwe wy saaklike kursussen op maat foar meiwurkers fan bedriuwen en ynstellingen en foar groepen amtners fan de provinsje en gemeenten. De Afûk set yn op noch folle mear kontakten mei bedriuwen en organisaasjes en wy tinke dat dat soargje sil foar mear fraach nei saaklike maatwurkkursussen. Dy kursussen binne basearre op it materiaal fan ús partikuliere kursussen, mar wurde sa folle mooglik op maat makke om yn te spyljen op it ferlet fan de groep.

Yn de kommende jierren sette wy ek folop yn op kursussen foar partikulieren. Wy wolle op dizze wize safolle mooglik minsken berikke om mear mei

it Frysk te dwaan. Wy biede kursussen oan yn de gruttere plakken troch de hiele provinsje. Wy sjogge dêrby ek nei de fasiliteiten op lokaasje, dy't goed by de tiid wêze moatte. Fierder jouwe wy noch mear bekendheid oan de mooglikheid om, as minsken sels in groep fan minimaal 8 dielnimmers en in kursuslokaasje hawwe, wy ek yn lytsere plakken en doarpen graach in kursus jouwe.

Nijkommers yn Fryslân wolle wy graach wolkom hjitte by ús kursussen. Om dizze groep te berikken, sykje wy kontakt mei gemeenten dêr't nije bewenners harren fêstigje, mar wolle wy ek sjen oft makelers en notarissen harren klanten wize kinne op de mooglikheid fan in kursus Frysk.

Neist kursussen op lokaasje biede wy ús kursussen sa folle mooglik ek oan as online groepskursus mei in lesjouwer. Dat is gaadlik foar minsken dy't minder mobyl binne en foar Friezen om utens en oare minsken fan bûten de provinsje. Ek is der al in tal jierren in goeie gearwurking mei it lanlik kursusunstitút NHA, dat in online kursus Frysk oanbiedt mei ús materiaal. Yn Flaanderen binne wy no ek yn oerlis om by in taalynstitút in kursus Frysk oan te bieden.

De ynhâld fan de kursussen moat goed by de tiid bliuwe en dêrfoar passe wy de kursussen periodyk oan en meitsje wy hieltyd faker gebrûk fan oare media, lykas filmkes. Yn 2024 begjinne wy mei filmkes by alle lessen fan de fernijde kursus *Lear mar Frysk*. Ofhinklik fan de ûnderfiningen dêrmei wolle wy yn de kommende jierren de oare kursussen fernije en fan filmkes foarsjen. Wy besjogge oft is mooglik is om ús eigen selsstúdzje-kursus oanbod foar de ynternasjonale merk (yn it Ingelsk en it Dútsk) yn de kommende jierren ek te fernijen.

Al jierren is der ferlet fan in taallearapp Frysk, lykas *Duolingo* dat foar oare talen biedt. De Afûk is mei de provinsje yn oerlis om in earste ferzje fan sa'n taallearapp yn 2024 te ûntwikkeljen. Dy soe dan foaral brûkt wurde kinne as in earste yntroduksje yn it Frysk, foar net-Frysktaligen. Wa't dêrnei mear leare wol, kin in Afûk-kursus folgje.

Guon ambysjes rinne fêst fanwegen in tekoart oan lesjouwers. Us lesjouwers binne betûfte en entûsjaste minsken, dy't foar in grut part al jierren lang kursussen foar de Afûk jouwe. It is fan belang dat wy mear lesjouwers oannimme dy't alle kursussen jaan kinne (partikulier, saaklik en online) en dy't oerdeis beskikber binne. Wy hawwe, yn gearwurking mei NHL Stenden, in eigen opliedingstrajekt foar ús lesjouwers. Nei it ôfrûnjen fan dat trajekt sette wy mear yn op begelieding en bylearkursussen foar de lesjouwers. Dêrneist sjogge wy oft wy mear gearwurking sykje kinne mei dosinten Frysk yn it fuortset ûnderwiis en middelber beropsûnderwiis en mei de oare (ûnderwiis)ôfdielingen binnen de Afûk.

Underwiis

In goed plak foar it Frysk yn it ûnderwiis is tige wichtich foar de posysje fan de taal yn de mienskip. Troch op skoalle de taal te belibjen en te brûken, slagget dat it bêste. Dêrom rjochtsje wy ús yn alle ûnderwiissektoaren op it funksjoneel tapassen fan de taal, om sawol de mûnlinge as skriftlike taalfeardigens te fergrutsjen. Dit dogge wy bygelyks troch it Frysk te keppeljen oan oare fakken en ûnderwerpen of de omjouwing fan de skoalle. Dêrneist hawwe wy omtinken foar taalsosjology om learlingen, studinten, learkrêften en âlden bewust te meitsjen fan de mearwearde fan de Fryske taal en meartaligens (yn Fryslân). Dêrby giet it net allinne om de wearde fan it Frysk, mar ek om de bewustwurding fan ferskillende talen yn de eigen regio en hokker ynfloed dit hat op de eigen identiteit en it learen fan in taal.

Foar it learen fan it Frysk fersoarget de Afûk in folslein oanbod foar (foarskoalsk) primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis, middelber beropsûnderwiis, sawol digitaal as fysyk. Pjuttjen krije it Frysk mei fia it *Tomke*-projekt. Foar it basisûnderwiis is der de metoade *Spoar 8* en it fuortset ûnderwiis hat de metoade *Searje 36*. Foar it mbû wurdt wurke yn it ramt fan it gearwurkingsferbân *Wy binne mbû*. Foar it oanbieden fan ús digitale materiaal, fan foarskoalsk oant it folwoeksen ûnderwiis, meitsje wy gebrûk fan de online learomjouwing *EduFrysk*.

Foar alle ûnderwiissektoaren stribje wy konstant nei in aktueel oanbod. De ynhâld moat passe by de tiid, de opset moat oanslute by de nijste

“Taal en kultuer foarmje in essinsjeel ûnderdiel fan ús maatskippij. Dêr moatte wy in wêzentlike bydrage oan leverje. As wy as provinsje ús net serieus ynsette foar de Fryske taal, dogge oare partijen dat ek net.”

Út: Bestjoersakkoart 2023-2027 Oparbeidzje foar Fryslân (july 2023)

“It Frysk is de memmetaal fan in soad learlingen yn Fryslân. (...) Learlingen leare makliker en better as optimaal gebrûk makke wurdt fan de opdiene kennis yn de memmetaal. Om dy reden moatte bern, skoalbern en studinten yn Fryslân folweardich ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer oanbean krije, sadat sy harren taalfeardichheden en kennis en identiteit folop ûntwikkelje kinne.”

Út: Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028

ûnderwiisynsjoggen, op ferlet fan en yn gearwurking mei de ûnderwiis sektor. Dêrby moat ús digitale omjouwing *EduFrysk* brûkersfreonlik holden wurde. Sa soargje wy derfoar dat de metoaden leechdrompelig beskikber binne. It is wichtich dat ús oanbod foar de ferskillende sektoaren goed op inoar oanslút, dêrom hâlde wy bliuwend oandacht foar it fersterkjen fan de trochgeande (lear)line.

Om it lêzen yn it Frysk te stimulearjen, sette wy bot yn op lêsbefoarding. Dêrfoar is sawol ynterne as eksterne gearwurking ûnmisber. Mei de *Taalplan Frysk 2030*-partners wurkje wy oan de trochgeande lêslíne, dêr't lêswille en lêsmotivaasje wichtige ûnderdielen fan binne. Dêrneist sjogge wy hoe't ferbingingen makke wurde kinne mei lanlike of lokale lêsinisjativen en bliuwe wy belutsen by it organisearjen fan ynspirearjende eveneminten en aktiviteiten. Hjirby is in sterke ynterne gearwurking tusken de ôfdielingen *Underwiis*, *Utjouwerij* en *Taalpromoasje* wichtich.

Taalplan Frysk 2030

Taalplan Frysk 2030 is it belied fan de provinsje Fryslân dat yn 2021 úteinset is yn alle sektoaren fan it ûnderwiis. It belied bringt de ôfspraken, dy't duorsum ferankere binne yn ûnder oaren de wetjouwing en (ynter)nasjonale ôfspraken, yn de praktyk. Yn de kommende jierren leit der in kâns om de ferankering yn it taalûnderwiis yn Fryslân, dat no troch de provinsje mei *Taalplan Frysk 2030* ynset is, fierder út te bouwen en te yntinsivearjen. Mei

kollega's fan oare taal- en ûnderwiisinstellingen, ús taalplanpartners, wurkje wy yn opdracht fan de provinsje yn it *Taalplan Frysk 2030* oan de folsleine trochgeande learline. Wy ynvestearje dêrmei yn de kwaliteit fan Frysk op alle ûnderwiisnivo's. Dêrby stribje wy dernei dielnimmers ynsjoch te jaan yn harren eigen learproses, om't elke learling, studint of kursist de kâns krije moat it Frysk te learen en te brûken op syn of har eigen nivo.

Foarskoalsk ûnderwiis

Yn de earste fjouwer libbensjierren fan bern bart in soad. Wat de taal oanbelanget, wurdt yn de earste jierren de taalbasis en de taalidentiteit fan bern oanlein. Hoe't yn de thúsituasje mei taal omgien wurdt, is fan grutte ynfloed op hoe't bern de taal letter sels brûke. Foar it goed meartalich opgroeien is in ryk taaloanbod thús en in positive hâlding tsjinoer de minderheidstaal krúsjaal. Mar ek op de berne-opfang, pjutte-opfang en/of by de gastâlder bringe jonge bern in soad tiid troch en dêrmei is dit ek in hiel belangryk plak om te soargjen foar in ryk taaloanbod.

Frysk yn de berne-opfang

Yn Fryslân is sa'n 75% fan de berne- en pjutte-opfanglokaasjes twatalich. Op dizze lokaasjes wurde bern foar in (grut) part fan de tiid 'ûnderdompele' yn de minderheidstaal, om dy boartsjendewei oan te learen en te fersterkjen. Foar Frysktalige bern is dit

belangryk om de thústaal fierder te fersterkjen en it risiko op taalferlies te ferminderjen. Foar Nederlânske en oarstalige bern is dizze foarsjenning in moaie opstap nei in twatalige ûntwikkeling. Troch in soad mei de bern te praten, foar te lêzen, ferskes te sjongen en taal op oare wizen te brûken, ûntstiet in stevige taalbasis dy't needsaaklik is foar in goede meartalige ûntwikkeling.

Edukatyf materiaal

Foar it goed útfieren fan in meartalich belied binne goede edukative materialen nedich. De Afûk foarsjocht hjiryn troch oantreklike, motivearjende en brûkbere materialen te meitsjen foar al dy foarsjenningen, ek foar de lokaasjes dy't (noch) net twatalich binne, mar wol wat mei it Frysk dwaan wolle. Yn de ôfrûne jierren is ûnder oare in edukative map ûntwikkele mei temamateriaal foar pjutten en in digitale omjouwing mei oanfoljend materiaal. It besteande oanbod wolle wy fierder ûnder de oandacht bringe en soargje dat pedagogysk meiwurkers goed mei it materiaal út de fuotten kinne. Dêrneist sil geregeld aktueel materiaal ûntwikkele wurde dat ynspilet op it ferlet fan pedagogysk meiwurkers. By de ûntwikkeling fan nije edukative materialen wurdt safolle mooglik oansletten by lanlike metoaden dy't yn it foarskoalsk ûnderwiis it meast brûkt wurde. Ek wurdt tocht om in goede balâns tusken multymediaal en fysyk materiaal en in goede trochgeande line nei it primêr ûnderwiis. De materialen, produkten en aktiviteiten wurde útfierd út it *Taalplan Frysk* wei en yn goed oerlis mei de gearwurkjende partijen en projekten ûntwikkele en útset. Dêr wêr't dat mooglik en winsklik is, sykje wy ferbining mei nasjonale of ynternasjonale partners, om ûnderfiningen en materialen út te wikseljen.

Tomke

Tomke is op de pjutte-opfanglokaasjes in bekend en populêr karakter dat foar in soad lokaasjes it Frysk yn de pjutte-opfang fertsjintwurdiget. Der is lykwols ek ferlet fan materialen mei in oare ynstek en ústrieling. Yn de kommende jierren ûndersykje wy dat ferlet fierder en sille op de resultaten ynspylje.

Lêsbefoarding

Mei it projekt *Lês-mar-foar* freegje wy ekstra omtinken foar it foarlêzen oan jonge bern, sawol yn de thúsomjouwing as yn in profesjonele setting. Jier-

liks organisearje wy yn de moanne septimber mei in tal oare organisaasjes de *Lês-mar-foar-wiken*. Yn de ôfrûne jierren is it projekt op in tal punten fernijd en is de doelgroep útwreide, it *Lês-mar-foar*-projekt rjochtet him no ek op bern yn de ûnderbou fan it primêr ûnderwiis. Wy wolle fierder ynstekke op de fernijing en fersterking fan it projekt, om derfoar te soargjen dat safolle mooglik bern sa faak mooglik yn it Frysk foarlêzen wurde.

Primêr ûnderwiis

Yn de ôfrûne beliedsperioade hawwe wy wurke oan de ambysjes dy't opsteld binne *foar Taalplan Frysk 2030*. Yn it ramt dêrfan hawwe wy de gearwurking mei ferskate partners yntinsivearre. Mei harren bouwe wy yn de kommende jierren troch op wat wy al realisearre hawwe. Dit dogge wy út ús misje foar it leargebiet Fryske taal en kultuer yn it primêr ûnderwiis wei dat alle bern de kâns krije moatte om it Frysk te learen en te brûken. It learen fan it Frysk is mear as it technysk learen fan de taalfeardigens. It giet derom dat bern, mar ek de learkrêften, harren derfan bewust binne dat sy ûnderdiel binne fan in lokale mienskip en wenje yn in twatalige provinsje. Yn de mande mei ús Taalplanpartners wurkje wy dêrom oan de pylders: bewustwurding, begelieding, materiaal, ûndersyk en neiskoalling.

Oanbod en materiaal

Spoar 8 is de digitale metoade foar it Frysk yn it primêr ûnderwiis dy't de mooglikheid biedt om it Frysk te learen yn relaasje mei oare fakken, lykas skiednis, ierdrykskunde, (wrâld)boargerskip, ekspresje en oare talen. De metoade is sa ynrjochte dat elk dermei út de fuotten kin, sawol skoallen mei in projektmjittige (yntegrale) oanpak as skoallen dy't it mear metoadysk (les foar les) dwaan wolle. Foar dy lêste doelgroep hawwe wy yn de ôfrûne tiid de *Rûteplanner* ûntwikkele, dy't de mooglikheid biedt om de Fryske lessen yn in fêste folchoarder oan te bieden. Troch it digitaal oanbieden fan de metoade kinne skoallen in kar meitsje út in enoarm oanbod oan materiaal op ferskate nivo's. *Spoar 8* wurdt al op in soad Fryske skoallen brûkt en it tal skoallen nimt noch altyd ta. Dat de provinsje de metoade fergees beskikber steld hat, hat dêr ek in ympuls oan jûn.



Wy biede skoallen passende begelieding by it ymplementearjen fan de metoade en hâlde *Spoar 8* by de tiid en útdaagjend troch it oanbod geregeld op 'e nij te besjen, te ferbetterjen en oan te foljen. Dat krijt ekstra omtinken, om't de kearndoelen foar it primêr en fuortset ûnderwiis (it nije kurrikulum foar Fryske taal en kultuer) yn 2025 fêststeld en ymplementearre wurde. Om't wy dêrby belutsen binne, keppelje wy it besteande materiaal oan de (konsept) kearndoelen en ûntwikkelje wy wêr nedich oanfoljend materiaal.

Us digitale oanbod is breed ynsetber en yn-hâldlik sterk. En hoewol't it tal skoallen mei in lisinsje groeit en de measten der goed mei út de fuotten kinne, liket der foar guon skoallen noch in drompel te wêzen om de metoade echt aktyf te brûken. Boppedat fernimme wy út it wurkfjild dat der hieltyd mear ferlet fan (oanfoljend) fysyk materiaal is en skoallen de winsk hawwe om mear hybride te wurkjen (gebrûk meitsje fan

sawol digitaal as fysyk materiaal). De ferskowing fan it ynsetten fan folslein digitaal materiaal nei in mear hybride ynset liket in lanlike trend yn it ûnderwiis. Der wurdt stribbe nei minder skermtiid foar bern en yn it oanbod foar it Frysk wolle wy hjir ek rekken mei hâlde. Dêrneist spilet it ferlet fan mear fysyk en maklik ynsetber materiaal benammen op skoallen dêr't it Frysk net heech op it prioriteiteliste stiet. Meastal komt dat troch dat it Frysk dêr net echt libbet, bygelyks om't de learlingen amper Frysk prate, of krekt om't de learkrêften de taal net behearskje. Om op dy skoallen it Frysk ek foarsichtichoan in posysje te jaan, soe fysyk en leechdromplich en maklik ynsetber materiaal útkomst jaan kinne.

Us ambysje is om tusken de learkrêften te stean en mei har materiaal te ûntwikkeljen wêrmei't wy noch mear maatwurk leverje kinne. Wy dogge yn de kommende tiid ûndersyk nei hoe't de ferskate skoallen *Spoar 8* brûke en ynsette wolle. Us doel

is dat skoallen by ús telâne kinne foar in sterk en hybride oanbod op maat. Elke skoalle hat in oar ferlet en dêrom wolle wy foar elk ferlet, foar elke skoalle yn har eigen kontekst, passend oanbod hawwe. Om't wy dêrby de fraach fan it wurkfjild sintraal stelle, hawwe wy ynput en ynsjoggen nedich út de praktyk wei. Dêrom belûke wy noch mear as no learkrêften út it basisûnderwiis aktyf by de nije ûntwikkelingen troch bygelyks in learkrêftepanel gear te stallen. Dat panel kin fungearje as klankboerd en tinkt mei oer hoe't ús oanbod struktureel trochûntwikkele wurde kin op basis fan ferlet út de praktyk wei. Ek is it in kâns om it learkrêftepanel te belûken by de ûntwikkeling fan it kearndoeldekkende oanbod, sa't wy mei ynsjoggen fanút de praktyk datjinge ûntwikkelje wêrtroch't bern it Frysk noch better leare en brûke.

Trochgeande lêslíne

Keimpe de Krokodil (keimpe.frl) stiet foar lêsbefoarderding yn it Frysk, foar bern fan de groepen 1 o/m 4. Keimpe wol bern en harren âlden en learkrêften stimulearje om te kiezen foar Fryske boeken en ferhalen, oft it no om foarlêzen giet of om sels te lêzen. Wy merke dat Keimpe hieltyd bekender wurdt en dêrom wolle wy ûndersykje oft wy Keimpe breder ynsette kinne om neist it Frysk lêzen bygelyks ek it brûken fan de Fryske taal troch bern yn dizze leeftiidskategory te stimulearjen, sawol op as bûten skoalle. Sa wolle wy sjen oft wy mei Keimpe de boekpromoasje útwreidzje kinne troch bygelyks digitale meilêsedysjes, mar ek oft it nijsgjirrich is om Keimpe en de karakters út de lêslíne út te bouwen foar promoasje fan it brûken fan de Fryske taal.

Foar de groepen 5 o/m 8 is der gjin struktureel omtinken foar lêspromoasje en -befoarderding. De trochgeande lêslíne rint nei groep 4 net logysk troch nei de hegere groepen yn it primêr ûnderwiis.

Der is noch gjin materiaal ûntwikkele dat moai oanslút op de lêssaktiviteiten mei *Keimpe de Krokodil*. Us ambysje is om te soargjen dat de oansluting mei de lêsbefoarderingsprojekten foar de âldere doelgroep, lykas it LêsNo-projekt yn it fuortset ûnderwiis, der wol komt. Dêrom binne wy fan doel om foar de groepen 5/6 en 7/8 alle jierren in lêsbefoarderingsprojekt te ûntwikkeljen. Dêrby meitsje wy, wêr mooglik, in keppeling mei besteande inisjativen sa as de *Berneboeke-ambassadeur*, en materialen sa as *Tsjil, Tsjil Tsjekt* (Omrop Fryslân) en de lêsbefoarderingsprojekten yn *Spoar 8*. As lêste stribje wy bliwend nei in goede oansluting mei lanlike inisjativen, lykas de *berneboekewike* en de *poëzywike*.

Frysk bûten skoalle om

Om mear omtinken te jaan oan it Frysk by bern op it momint dat sy net op skoalle binne, lûke wy sawol de ynterne as de eksterne gearwurking oan. Sa heakje wy oan by de ôfdieling Taalpromoasje as it giet om taal- en lêsbefoarderingsinisjativen foar bern op lokaal nivo. Fierder wreidzje wy de eksterne gearwurking út. Mei partners, lykas Sport Fryslân en IVN natueredukaasje, besykje wy bern bûten skoalle te berikken. Sa komme sy yn harren eigen belibingswrâld (ûnbewust) yn oanrekking mei it Frysk en sette wy de line, sa as dy ynset wurdt mei it Tomke-projekt by de ôfdieling Foarskoalsk en de útwreiding fan Keimpe foar bern fan 4 o/m 8 jier, troch nei bern fan 8 o/m 12 jier. Hjirby wolle wy ûndersykje oft it foar dizze leeftiidskategory nijsgjirrich is om in nij merk te ûntwikkeljen foar (digitale) promoasje fan de Fryske taal.

Ynternasjonalisearing en ûndersyk

Op it mêd fan Frysk yn it ûnderwiis kinne wy in soad leare fan oare (Europeeske) lannen mei minderheidstalen en oarsom kinne sy fan ús leare. Dêrom wolle wy ús oriïntearje op en ferdjipje yn de edukaasje fan

“Kennis fan de Fryske taal en oer de Fryske skiednis, kultuer en identiteit heart yn Fryslân by de basisfeardichheden.”

Út: Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028

minderheidstalen yn de lannen om ús hinne. Us ambysje is dat wy ús materiaal en begelieding ferbetterje en útwreidzje kinne op basis fan nije ynsjoggen en *best practises*. Dêryn kinne wy oplûke mei de kollega's fan fuortset ûnderwiis en Taalpromoasje dy't de earste kontakten al lein hawwe. Neist de ynternasjonale kontakten wolle wy de gearwurking mei ûndersykspartners as it Lectoraat Meertaligheid & Geletterdheid fan NHL Stenden aktyf oanhelje om ynsjoggen op te dwaan om ús hjirboppe beskreaune ambysjes en doelstellingen te beheljen.

Fuortset ûnderwiis

Yn oanrin nei 2030 sil it ambysjenivo omheech moatte om noch mear learlingen binnen it fuortset ûnderwiis mei it fak Frysk te berikken en de stelde doelen út Taalplan Frysk te heljen. Om in trochgeande line te berikken is it wichtich dat it Frysk yn de ûnderbou net allinnich yn it earste jier oanbean wurdt, mar dat it de folsleine ûnderbou berikt (klasse 1-3). Ek wolle wy safolle mooglik learlingen de kâns jaan om Frysk eineksamen te dwaan en harren dêrby stypje mei in passend aanbod foar de boppebou.

Searje 36

Searje 36 is dé metoade foar it fuortset ûnderwiis. De ûntwikkeling fan de metoade stiet nea stil en yn oparbeidzjen mei Taalplan Frysk foldocht it oan alle ambysjes. *Searje 36* wurdt al op sa'n 75% fan de lokaasjes yn it fuortset ûnderwiis brûkt en bestiet út lesmateriaal foar klasse 1 oan de eksamenfaze fan vmbo/havo/vwo ta. Wy wolle ús rjochtsje op it aktueel hâlden en fierder ûntwikkeljen fan it aanbod. Sa kinne wy alle klassen op in lykwaardige wize oan it Frysk wurkje litte. Benammen yn de boppebou

vmbo en havo/vwo (twadde faze) is in útwreiding fan it aanbod saak. Dat bart yn gearwurking mei de Taalplanpartners, mar ek de groep fakdosinten Frysk is dêrby belutsen. *Searje 36* is fan it begjin ôf inte op de ynput fan dosinten en slút dêrtroch nau oan op it wurkfjild.

Kearndoelen en eintermen

It leargebiet Fryske taal en kultuer soe, uterlik fan 2030 ôf, in rike taal-, lear- en lêsomjouwing wêze moatte. Dêryn hawwe alle learlingen de kâns de taal te learen en te brûken. It nije kurrikulum Fryske taal en kultuer helpt dy doelstelling te berikken. De Afûk is belutsen by it op 'e nij besjen fan dy kearndoelen. It besteande materiaal sil dêroan keppele en, wêr't dat nedich is, oanfolle wurde.

Neist de kearndoelen wurde ek de eintermen oanpast. Yn opdracht fan it ministearje fan OCW is út SLO (Stichting Leerplan Ontwikkeling) wei in fakferrijingskommisje, besteande út dosinten en in fakken in kurrikulumekspert, oan 'e slach gien mei de aktualisaasje fan de eksamenprogramma's Frysk (folút: Fryske taal en kultuer). De Afûk nimt diel oan de advysrûnte dy't de tusken- en einprodukten fan de kommisje fan feedback foarsjocht. Sawol de reguliere metoade as de module eksamentraining foar de boppebou yn *Searje 36* sille oansluting fine by de eintermen.

Bewustwurding

It is wichtich om yn te setten op bewustwurding fan sawol it belang as de mearwearde fan it Frysk. Ut de 1-mjitting fan *It is mei sizzen net te dwaan FU* docht bliken dat in soad direksjeleden it belang fan it fak Frysk net sjogge. Dat liedt yn de measte gefallen ta in swakkere posysje fan de dosint Frysk (dy't der

“Wy wolle yn de kommende jierren meters meitsje op it mêd fan de Fryske taal. Stipe fan de provinsje is nedich om de ambysjes yn 2030 te heljen.

Út: Bestjoersakkoart 2023-2027 Oparbeidzje foar Fryslân (july 2023)



mei al syn/har entûsjasme faak dochts allinnich foar stiet), wylst in bekwame dosint mei stipe fan de direksje fan grutte ynfloed is op de hichte fan it skoalprofyl. Mei oare wurden: de posysje fan it Frysk op skoalle en byhearrende kânsen en mooglikheden foar de learlingen.

De Afûk ûntwikkelet alle jierren materiaal ûnder de namme *Dêrom Frysk* in bewustwurdingskampanje foar jongerein yn Fryslân, om de Fryske taal en de mooglikheid om Frysk as (eksamen)fak te kiezen te stimulearjen. Dat bart troch learlingen sjen te litten hoe leuk, mar ek hoe wichtich oft it Frysk is. *Dêrom Frysk* makket gebrûk fan multymediale en ynteraktive programma's, kombinearre mei fysike materialen lykas posters en flyers. De kampanje rjochtet him neist jongeren ek op dekanen, direksje en âlden yn de foarm fan foarljochting, promoasje en stipe. Ek gearwurking mei de learare-opliedingen is dêryn fan belang om't it tal dosinten mei in foech beheind is.

Boppedat sette wy yn op it bûten skoalle om berikken fan de doelgroep fuortset ûnderwiis (12-18 jier), sadat de learlingen it Frysk op de foar har wichtige plakken tsjinkomme. Sa soe it Frysk bygelyks sichtberder makke wurde kinne yn de iepenbiere romte, op de sportklup en fia sosjale media. Troch de gearwurking mei de ôfdieling Taalpromoasje en oare Taalplanpartners (Omrop Fryslân) foarmet de kampanje in wichtich part fan de trochgeande line troch tusken primer ûnderwiis en beropsûnderwiis.

Kultuer en identiteit

Us fyzje op taallearen is dúdlik werom te finen yn *Searje 36*. Sa is it foar ús in wichtige kearnwearde dat der, by it fak Frysk, net allinnich oandacht bestege wurdt oan de Fryske taalfeardigens, mar ek oan taalgebrûk en taalekspresje. Yn dy betsjuttingsfolle kontekst wurde learlingen bewust fan de posysje fan it Frysk en leare sy oer de Fryske kultuer. De ferbining fan *Searje 36* oan kulturele eveneminten lykas *FeRstival* en *SjONG* binne dêr

goede foarbylden fan. By dy projekten kin ek in keunstner yn de klasse útnûge wurde, wat foar learlingen it meidwaan oan sokke eveneminten fersterket. Fansels hâlde wy dy projekten by de tiid, mar wy sykje ek konstant nei nije ferbiningen tusken ús lesmateriaal en kultuer.

In belangryk aspekt fan it fak Frysk is om sjen te litten dat wy yn in meartalige mienskip libje, mei romte foar erkenning fan identiteit en de mearwearde fan ferskaat. De memmetaal fan ús learlingen is ien fan harren meast weardefolle eigenheden. Learlingen ûntwikkelje harren identiteit mei help fan de Fryske taal troch dy te brûken yn kreative taalkreaasjes. Dêrmei bringe sy harren gefoelens, gedachten, ideeën en fantasyen ta utering. In moai foarbyld dêrfan is *FIERdynTAAL*, dat wy graach útwreidzje wolle fan in projekt foar klasse 1 nei in folsleine line.

De ferbining fan *Searje 36* oan kulturele en identiteitsfoarmjende projekten smyt in ferskaat oan fysyk materiaal op, dat yn de takomst groeie sil. Yn gearwurking mei de útjouwerij wurkje wy oan fysyk lesmateriaal foar it fuortset ûnderwiis, passend by it ferlet fan de skoallen. Alle materialen wurde oanbean yn de Taalplan-webshop.

Skiednis

It domein Fryske kultuer, skiednis en geografy krijt binnen de nije keardoelen Frysk mear romte. Dat domein rjochtet him op bewustwurding en it fergrutsjen fan kennis. Bewustwêzen en kennis ûntwikkelje harren fan werkenne en begripe fan saken tichtby hûs nei it begripen, analysearjen en ferlykjen fan Fryske kultuer, skiednis en geografy mei dy fan Nederlân en oare lannen. Troch binnen *Searje 36* in skiednisline (in projekt per learjier) oan te bieden, stypje wy dosinten om dêroan te foldwaan. Binnen de skiednisprojekten wurdt de keppeling socht mei besteande middels lykas Geschiedenis-lokaal (Historisch Centrum Leeuwarden, Tresoar, oare erfgoedinstellingen) en erfgoededukaasje FEP (Fries Educatief Platform). Ek literatuer krijt in sintraal plak om learlingen de lokale skiednis belibje te litten. De projekten binne net allinnich gaadlik foar dosinten Frysk, mar ek dosinten skiednis hawwe dêrmei materiaal yn hannen om oandacht oan de Fryske skiednis te besteegjen.

Literatuer

Literatuer is in wichtich part fan it oanbod binnen it fuortset ûnderwiis. Sa sit yn *Searje 36* it projekt *de Lêsklup*, is der in keppeling mei *Lêze foar de list* en de finsters fan *Salang't de beam bloeit*. Ek meitsje wy diel út fan it lêsbefoarderingsprojekt *LêsNo*. Wy sette yn op in breder oanbod foar de boppebou – it sjenre YA (Young Adult) – en ferkenne de mooglikheden foar in lêsbefoarderingsprojekt foar dy doelgroep. Sa wurdt tocht oan in *LêsNo*-fariant dêr't boppeboulearlingen yn ko-kreaasje mei in skriuwer in boek skriuwe. Dat sil yn oparbeidzjen mei de útjouwerij barre.

Ynternasjonalsearring

Op it mêd fan fuortset ûnderwiis nimt de Afûk diel oan tal fan ynternasjonale ûnderwiisprojekten, lykas it Erasmus+projekt Wikiwomen en it ECCA-projekt (European Charter Classroom Activities). Skoallen (learlingen en dosinten) út minderheidstaalregio's wurkje dêrmei oan ferskate lesaktiviteiten en projekten. De opbringsten dêrfan binne ûnderdiel fan *Searje 36* en komme dêrmei beskikber foar alle fuortset ûnderwiisskoallen yn Fryslân. It bringt de ûnderskate taalregio's troch útwikseling tichter byinoar en de tafoege wearde fan twa- en meartaligens is in sintraal elemint. Dêrneist jout it in grutte ympuls oan it talige bewustwêzen en persoanlike ûntwikkeling fan de learlingen. Boppedat fergrutsje wy mei dy ynternasjonale projekten ús kennis op it mêd fan ûnderwiis yn de meartalige kontekst. Wy wolle ynternasjonale projekten en byhearrende útwikselingen in fêst plak jaan binnen de boppebou fan it fuortset ûnderwiis en meitsje dêrby gebrûk fan it brede netwurk dat de Afûk opboud hat.

Spesjaal ûnderwiis

Ek foar it spesjaal (basis)ûnderwiis jildt dat de kommende beliedsperiode kânsen jout foar de feranering fan it Frysk binnen dy doelgroep. Wat wy mei Taalplan Frysk foar it Spesjaal Underwiis ynset hawwe, moatte wy trochsette en yntinsivearje. Yn oanrin nei 2030 moat it ambysjenivo op dat mêd ferhege wurde, sadat it Frysk minder frijbljuwend wurdt. Troch dy skoallen (noch) nauwer te begelieden en materiaal op maat te bieden, hoopje wy dat de learlingen út dy doelgroep noch mear yn oanreking komme mei it Frysk.

“As omtinken foar it Frysk foldwaande boarge is yn de taakstelling, dan sil dat praktoraat nei ús fêste oertsjûging de posysje fan it Frysk binnen it mbû sterk ferbetterje.”

Út: De Advysbrief fan Dingtiid oan BZK en OCW (novimber 2023)

Learomjouwing Spesjaal Underwiis

It spesjaal (basis)ûnderwiis is in doelgroep dy't net altyd maklik te berikken is en it Frysk net heech op de list mei prioriteiten te stean hat. Dochs binne der grutte stappen set; der is mei hast alle skoallen praat. Dy petearen hawwe laat ta nijsgjirrigens om mear mei it Frysk te dwaan. Boppedat is in folsleine lesomjouwing foar de doelgroep ynrjochte, mei in seleksje oan gaadlik materiaal út sawol *Spoar 8* as *Searje 36*, lykas taalaktiviteiten, spultsjes, ferskes en projekten. De learmiddels wurde op in oantreklike en foaral oersichtlike wize presintearre. De Afûk beheart it materiaal en helpt dosinten mei it ynrjochtsjen fan harren (faak ôfwikende) digitale learomjouwing.

Wy hâlde ynspiraasjesessys om bestjoeren en dosinten mei te nimmen yn it materiaal. Dêrby binne weardefolle kontakten lein, dy't in basis foar gearwurking foarmje. It materiaal wurdt, yn oparbeidzjen mei de doelgroep, oanpast, aktualisearre en fernijd om sa mear skoallen berikke te kinnen.

Kultuer, identiteit en skiednis

De projekten dy't ûntwikkele wurde yn it ramt fan kultuer, identiteit en skiednis, sa as beskreaun yn it haadstik Fuortset ûnderwiis, komme ek beskikber foar it spesjaal (basis)ûnderwiis. Dêrmei wolle wy de learlingen fan it spesjaal ûnderwiis net allinnich bewuster meitsje fan harren identiteit binnen de meartalige mienskip, mar ek de kâns jaan om folop diel te nimmen troch harren bygelyks ynskriuwe te kinnen foar eveneminten lykas *SjONG*, dat foarhinne allinnich foar it regulier ûnderwiis wie.


Muzyk en fysyk les materiaal

Muzyk is foar dizze doelgroep in effektyf middel om de taal- en de sosjaal-emosjonele ûntwikkeling te stypjen. Taal is fansels in ûnderdiel by it sjongen of harkjen nei muzyk, mar ek it ritme en it meloadyske aspekt hat in geunstige ynfloed op de taalûntwikkeling. Boppedat jout it de bern selsfertrouwen en lichemsbewustwêzen en kinne sy better mei-inoar gearwurkje. Ut it projekt *SjONG Junior* wei binne dêrom spesifike muzyklessen foar dizze doelgroep ûntwikkele. De learlingen kinne mei twa nûmers wurkje en dêrby op in boartlike wize oan de slach mei de Fryske taal, kultuer en de eigen ûntwikkeling. Wy wreidzje de rige út en biede dy sawol digitaal as op papier oan.

Ut de ynspiraasjesessys en it sukses fan de muzyklessen blykt dat dizze doelgroep foaral ferlet hat fan taastber materiaal, bygelyks yn de foarm fan audiofisueel materiaal, in temadoaze of in spul. Dêr sette wy mear op yn.

Beropsûnderwiis

Yn sawol de profit as de non-profitsektoren is de Fryske taal in wichtige faktor binnen it profesjonele wurkfjild yn Fryslân. Dat docht bliken út ferskate ûndersiken, lykas *Hokker taal prate jo* (Afûk, 2014) en *Krenten in de pap* (E&E-advies, 2020). Foar de (takomstige) posysje fan it Frysk is it wichtich om yn te setten op taalbewustwêzen, taalhâlding en taalfeardigens Frysk fan (takomstich) profesjonals,



wurksum yn de ferskate domeinen. It middelber en heger beropsûnderwiis binne wichtige ûnderwiis-sektoaren yn Fryslân, benammen ek as it giet om de posysje fan it Frysk. Fierwei it grutste part fan de mbû-studenten bliuwt yn de eigen regio wenjen en wurkjen. Tagelyk hat sa'n 65% fan alle ynwenners yn Fryslân mei in (berops)diploma in mbû-eftergrûn en 28% in hbû-eftergrûn (sifers fan Planbureau Fryslân, 2021). Fierder wurdt it Frysk ûnder jongerein yn de priveesitewaasje ek in soad brûkt (sjoch it ûndersyk fan Lysbeth Jongbloed-Faber, 2021) wat de wearde en de potinsje fan it Frysk yn it beropsûnderwiis fersterket.

Middelber en heger beropsûnderwiis

Binnen it beropsûnderwiis yn Fryslân is der noch net altyd romte foar it Frysk, mar mei de ûnderteke-ning yn 2021 fan it konvenant *Mei-inoar sette wy de skouders ûnder it Frysk* troch ûnderwiisinstellingen Aeres MBO, ROC Friese Poort, ROC Friesland Colle-ge, de Afûk en de provinsje Fryslân is de feroaring yn gong set en dy ûntwikkeling, yn it ramt fan it gearwurkingsferbân *Wy binne mbû*, wurdt binnen de mbû-skoallen entûsjast ûntfongen. It gearwurkings-ferbân *Wy binne mbû* is ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030. It is ûnder oare ferantwurdlik foar de ûntwik-

keling fan in mienskiplike ûnderwiisfyzje oangeande taallearen yn it mbû, it formulearjen fan taalbelied en it realisearjen fan ûnderwiisprogramma's op ferskate mêden oangeande Frysk en meartaligens yn Fryslân.

Hjirby bliuwe de mbû-ynstellingen fansels ferant-wurdlik foar it ûnderwiis. De dosinten binne hjirby de basis en meitsje it ûnderwiis. Ut de Afûk wei wurkje wy stimulearjend, fasilitearjend en hâlde wy de rezjy yn it ramt fan de gearwurking *Wy binne mbû*. Dat dogge wy op ferskillende nivo's; yn de klassen mei studinten en dosinten en dêromhinne mei teamlieders, direksje en bestjoer yn de mande mei de ambassadeurs op de skoallen. Hjirby sjogge wy graach bûten de besteande kaders fan bygelyks ien spesifike oplieding en bringe wy ferskillende disciplines binnen én bûten skoalle by inoar. Dizze brede oanpak en ôfstimming soarget foar in stevige basis foar de gearwurking *Wy binne mbû*.

Yn dizze beliedsperioade wolle wy dizze ûntwik-ke-ling mei de ferskillende partners fierder bringe binnen sawol middelber as heger beropsûnderwiis. Dêrby rjochtsje wy ús op trije haadtema's binnen de ûnderwiisprogramma's foar studinten:

- Identifikaasje mei de regio: *wa bin ik, hoe ferhâld ik my ta in oar en de wrâld om my hinne en foaral ek hoe kin ik fan mearwearde wêze* (rjochte op partisipaasje en meidwaan oan de maatskippij);
- Taalbewustwêzen en taalhâlding binnen it meartalige regionale taalklimaat fan Fryslân: *ynsjoch yn de taalsitewaasje fan de regio en de taalfoarkar, it taalgedrach en de taalgewoantes fan dysels en de minsken om dy hinne. Soks is nedich om derfoar te soargjen dat studinten yn steat binne om taal (en meartaligens) bewust yn te setten yn it persoanlike libben en de beropskontekst fan de studinten.*
- Taalfeardigens Frysk: *Frysk is in basisfeardichheid yn Fryslân. Om te soargjen foar kânsegelikens is it wichtich dat alle studinten yn Fryslân harren de Fryske taal (yn de basis) eigen meitsje kinne en tagelyk de mooglikheid krije om harren taalfeardigens Frysk troch te ûntwikkeljen. Hjirby sil it tapaste taallearen sintraal stean, wêrby't de studinten ek oanset wurde om de taal aktyf te brûken yn harren (takomstige) wurksitewaasje.*

Binnen it beropsûnderwiis hat de Afûk in sintrale, mearfâldige en dêrmei wichtige rol. Oan de iene kant sette wy de koers út mei de oanbelangjende partijen as it giet om ûntwikkeling, begelieding en ymplemintaasje. De kennis en kunde fan it brede team (ûnderwiis/taaloerdracht) en de gearwurking mei de oare partners binnen Taalplan Frysk 2030 binne ûnmisber, al hielendal om't wy mei-inoar wurkje oan in sterke trochgeande learline. Dat jildt benammen as it giet om taalfeardigens Frysk, mar ek by de oare twa haadtema's is de gearwurking mei de oare sektoaren yn it ramt fan Taalplan Frysk 2030 fan belang.

By de haadtema's 'identifikaasje mei de regio' en 'taalbewustwêzen en taalhâlding binnen it regionale taalklimaat fan Fryslân' is de ynbring fan de Afûk (gearwurking tusken Underwiis en Taalpromoasje) ekstra wichtich om in goede ferbining te realisearjen tusken it priveedomein fan de studinten, harren (takomstich) beropsfjild en it beropsûnderwiis. Mei it each op de sintrale posysje fan de Afûk, oangeande it Frysk binnen de ferskate domeinen út de BFTK (Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer), sil de Afûk ek ferbiningen realisearje tusken bedriuwen en organisaasjes út de beropspraktyk en de belutsenen fan de ferskate beropsopliedingen yn mbû

en hbû. Oanslutend dêrop wurkje wy aktyf oan it formulearjen fan fraachstikken út de beropspraktyk fan studinten en it yn kaart bringen fan weardefolle beropspraktykfoarming(BPV)-plakken as it giet om it Frysk en meartaligens yn Fryslân.

Yn de mande mei it beropsûnderwiis sille wy gebrûk meitsje fan fernijende ynsjoggen oangeande taalgebrûk yn de beropspraktyk en ús ek rjochtsje op ynnovative en praktykrjochte oplossingen. Dêrtroch sille de produkten en ideeën fan de studinten ek hieltyd mear fan mearwearde wêze foar de beropssektor dêr't sy yn wurkje. Tagelyk wolle wy út de gearwurking mei it beropsûnderwiis wei soargje foar in sterker (en spesifiker) kursusoanbod rjochte op profesjonals yn de ferskillende beropssektoaren. Dêrby giet it benammen om de haadtema's 'taalbewustwêzen en taalhâlding binnen it regionale taalklimaat fan Fryslân' en 'taalfeardigens Frysk'.

Deskundichheidsbefoarderling

Om boppesteande goed stal jaan te kinnen, is it wichtich dat wy de brede gearwurking binnen it beropsûnderwiis útwreidzje, benammen mei de dosinten dy't it ûnderwiis meitsje. De kommende perioade wolle wy ús rjochtsje op meiwurkers fan it beropsûnderwiis yn Fryslân. Wy wolle harren mear bewust meitsje fan meartaligens en it belang fan de thústaal fan studinten en harren mear ynsjoch en kennis biede oangeande de posysje fan it Frysk binnen harren sektor. Hjirby wolle wy soargje foar in stevigere posysje fan it Frysk as ynformele én formele taal op de mbû-en hbû-lokaasjes yn Fryslân.

Dat dogge wy troch mei-inoar yn te setten op in meartalich lânskip op skoallen, de sichtberens fan it Frysk en meartaligens yn Fryslân en it stimulearjen fan it gebrûk fan it Frysk by oare fakken, lykas de beropsfeardichheden en de basisfeardichheden (lykas boargerskip). Hjirfoar biede wy aktyf workshops oan lykas *Klasse Frysk* (Cedin), *Psychology fan dyn Taal* en fansels de kursussen rjochte op taalfeardigens Frysk, dy't wy op maat oanbiede. Fierder fersterkje wy de gearwurking mei ferskate wurkgroepen en teambyienkomsten. De brede ynspiraasje dei *Wy binne mbû*, wêrby't omtinken is foar alle trije haadtema's binnen it beropsûnderwiis, komt alle jierren wêrom.

Jongerein bûten skoalle

Wy wolle it gebrûk fan it Frysk normalisearje. Jongeren soenen harren binnen en bûten it ûnderwiis frij fiele moatte om harren eigen taal te brûken. Al it boppesteande is benammen rjochte op it ûnderwiis, tagelyk hawwe guon aktiviteiten ek direkt effekt op it maatskiplik libben bûten de muorren fan skoalle. Sa wurkje studinten binnen ferskate trajecten yn it ramt fan *Wy binne mbû* oan de posysje fan it Frysk yn de beropssektoren en krije dielnimmers dy't opdrachten yn it ramt fan *Wy binne mbû* ôfslute faak ek fysike materialen mei nei hûs. It spul *Mei oaren wurden* is bygelyks keppele oan it kardiell Frysk, sadat de dielnimmende studinten thús ek boartlik fierder wurkje kinne oan harren taalfeardigens Frysk, mei freonen en famylje.

Om it Frysk yn it priveedomein fan jongerein noch in steviger plak te jaan, jouwe wy de kampanje *Yung Frysk* in ferfolch en wreidzje dy fierder út. Oan de hân dêrfan wolle wy jongerein ynspirearje om de Fryske taal yn harren priveelibben te brûken. Om dat te berikken, meitsje wy benammen gebrûk fan (digitale) platfoarmen dêr't sy aktyf binne. It doel is om in brede groep jongeren te berikken mei spesifike ferhalen, mar ek om har ynbring te brûken foar nije ynhâld. De ko-kreaasje is foar de Fryske jongerein de driuwfear om online aktyf mei te dwaan oan *Yung Frysk*. De ôfrûne perioade hawwe wy al wat eksperimintearre mei fysike aktiviteiten (lykas de *sichtberensaksje Frysk, sa as wy dat wolle en wêr't wy dat wolle!*) om de posysje fan it Frysk te fersterkjen. Ek dat aspekt wreidzje wy fierder út.

Lêsbefoarding

Omtinken foar letterswakkens en in goede lêsfear dichheid is wichtich by alle opliedingen. Lêsbefoarding is in wichtich spearpunt by ûnderwiisinstellingen Aeres en Firda, mar der is noch in soad winst te heljen yn belied en (les)praktyk (sjoch ek Leesbevordering in het mbo, Stichting Lezen, 2022 en Pisa; Programme for International Student Assessment, OESO, 2022). Sa is de posysje fan it Frysk hjir in wichtige faktor. In soad studinten binne Frysktalich en hoewol't sy it Frysk lêzen net altyd like goed machtich binne, sprekke ferhalen yn de eigen (memme)taal faak mear oan.

Om studinten (yn it Frysk) oan it lêzen te krijen, is noch in soad nedich. Oan de hân fan ferskate (strukturele) aktiviteiten en projekten rjochtsje wy ús op it fergrutsjen fan de lêswille ûnder studinten, de bewustwurding oangeande it belang fan lêzen foar ynformaasjeoarsjenning en de lêsfear digens fan studinten.

De ôfrûne perioade hawwe wy mei ferskate partners sawol strukturele as ynsidintele lêsbefoarderjende aktiviteiten en projekten yntrodusearre. Sa besykje wy mei de meartalige *Bookzines* fan *Yung Frysk* studinten te ferlieden om te lêzen. De boekekasten dy't wy op ferskate plakken oanbean hawwe, biede wer in ryk oanbod om boeken tagonklik te meitsjen foar studinten.

Mei al ús besteande aktiviteiten hawwe wy benammen omtinken foar lêswille en lêsfear digens. Yn de kommende perioade bringe wy yn it ramt fan de gearwurking *Wy binne mbû* struktureel yn byld wat der krekt nedich is op alle trije mêden. Dêrby sjogge wy ek hieltyd nei de effekten fan besteande projekten, sadat wy mei-inoar in passend oanbod realisearje om te soargjen dat studinten hieltyd mear lêze, ek yn it Frysk.

Undersyk en ynternasjonalisearing


Om ús ambysjes te realisearjen, binne aktuele ynsjoggen en ûndersiken nedich. Ut de ôfrûne perioade docht bliken dat yn it ferline net in soad ûndersyk dien is nei (taal)learen yn it middelber beropsûnderwiis yn Nederlân. Foar fyzje-ûntwikkeling, it goed formulearjen en realisearjen fan konkrete doelstellingen yn it middelber beropsûnderwiis binne sokke ûndersiken wol nedich.

Foar ekstra ynsjoggen oangeande it mbû wolle wy dêrom de besteande (beliedsmjittige en praktyske) gearwurking *Wy binne mbû* útwreidzje mei in nij praktoraat (ûnderbrocht by Firda). Dat rjochtet him op praktykrjochte ûndersyk op boppesteande haadtema's. Binnen it heger beropsûnderwiis is in sterke gearwurking mei it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden essinsjeel. Ek helje wy ynternasjonaal de gearwurking oan om ús ûnderfiningen te dielen en foardiel te heljen út de ûnderfiningen út oare minderheidstaleregio's.

Kultuer

Al 95 jier spilet de Afûk tûk yn op de hieltyd feroarjende boekemerk foar it Frysktalige boek. Lei de klam yn it begjin fan ús lange skiednis mear op learboeken, benammen sûnt de jierren santich fan de foarige iuw binne der boeken foar folwoeksenen bykaam én fansels berneboeken. Altyd wurkje wy út de missy wei om it skreaune Frysk ticht by de minsken te bringen. De taal en de provinsje is wat ús foarmet en dat bliuwt ús missy.

Hjirmei drage wy by oan de folgjende duorsume ûntwikkelingsdoelen:



Utjouwerij

Konkreet wol de útjouwerij minder plurifoarm wêze yn konkrete produkten en eksperimintearje mei nije foarmen fan skriftlike taaloerdracht. As útjouwerij rjochtsje wy ús de kommende jierren benammen op de berne- en jeugdliteratuer (0-24 jier). Wy hawwe hjirfoar al desennialang de ekspertize yn hûs, fanwegen ús taken op it mêd fan it ûnderwiis hawwe wy in protte kontakt mei dizze doelgroepen én de Afûk is ûnderwilens de grutste útjouwerij foar berneboeken yn Fryslân. Boppedat is it foar de bern dy't it Frysk leare (neffens de doelstellingen fan de provinsje moat dat oantal bern noch folle mear groeie) ek wichtich dat sy mear boeken ta harren beskikking krije. Lêze en foarlêze ferrommet net allinnich de wurdskat fan bern, mar ek harren kreativiteit, geast en begryp. Dat draacht yn it foarste plak by oan de ûntwikkeling fan de bern, mar fansels ek oan de leefberens fan ús provinsje.

Op dit stuit is der ferlet fan mear boeken foar alle leeftiidsgroepen, mar de Afûk wol ek mear omtinken jaan oan boeken foar jongerein. En der is reden ta optimisme. Lanlike sifers litte sjen dat der sprake is fan in stiging yn lêsfrekwinsje by jongerein fan alle leeftiden, mar benammen by 16- oant 25-jierrigen. Ut ûndersyk fan KVB Boekwerk, spitigernôch witte wy net hiel folle oer lêsgedrach yn Fryslân, docht bliken dat sawat de helte (46%) fan de jongerein tusken de 12 en 25 jier wykliks in boek lêst yn de

frije tiid. Meast favoryt binne boeken dy't spanning en aventoer jouwe, folge troch *young adult* en fantasy. Psychology en selshelp binne mear yn trek by 20-25-jierrigen; trije op de tsien lêzers yn dizze leeftiidsgroep lêst wolris oer dit ûnderwerp. Dizze âldere leeftiidsgroep lêst oer it algemien ek mear ferskillende sjenres as de jeugd.

By jongeren tusken de 12 en 19 jier hawwe boeken net sa'n fraai imago. Mear as de helte fan de bern út dizze leeftiidsgroep lêst, mar dan benammen om't it fan skoalle moat. Eins docht men gewoan leaver oare dingen en de telefoan is de twadde wichtige reden dat dizze bern leaver net lêze. Sa'n 40% fan de jeugd fynt lêzen gewoan net leuk. De jonge tweintigers genietsje faker fan lêzen as de jongere jeugd.

It oanpart fan boeken foar folwoeksenen sil yn it fûns fan de útjouwerij dus lytser wurde. Tagelyk wolle wy de ynteraksje tusken skriuwers en lêzers fergrutsje en in nij perspektyf biede foar it skriuwen, it lêzen en de produksje fan Fryske literatuer. Dat kin fia marketing en kommunikaasje (BookTok, Goodreads, sosjale media, ensafuorhinne), dat kin fia boekpresintaasjes yn de winkel fan de Afûk of by oare kulturele aktiviteiten, mar dat kin (en dat moat) ek troch romte te finen foar eksperiminten.

Ynternasjonaal sjoen is, benammen by jongeren, it online publisearjen én lêzen hiel wichtich. Foar-

“Der is in berneboek foar elkenien, foar bern én folwoeksenen, dêr bin ik wis fan.”

Tialda Hoogeveen (Berneboeke-ambassadeur)


bylden binne Inkitt, Galatea en Tapas. It konsept fan Wattpad stiet op dit stuit foaroan by dizze ûntwikkelingen. Dit is in fergees e-book platfoarm/app wêrby't de gebrûkers orizjinele ferhalen lêze en publisearje kinne. Te ferlykjen mei it inisjatyf, jierren lyn fan Doarboek, troch Arjan Hut en Elizabeth Hietkamp. Dit digitale platfoarm is tagonklik en kreëarret in soad ynteraksje tusken skriuwers en lêzers.


Wy konstatare dat it krekt hjir geregeld mis giet by Fryske lêzers. Oanbod en fraach slute net altyd like goed op inoar oan en it Fryske boek hat by de jongere lêzers in min, yn alle gefallen in moudich imago. En it is sa dat skriuwers fan nije foarmen fan literatuer, bygelyks 'spoken word', hielendal net sykje nei it op papier publisearjen fan harren wurk. Nije foarmen fan skriuwen freegje nije foarmen fan publisearjen.

Oan platfoarms as Wattpad sitte ek neidielen, mar de Afûk wol fierder útfine wat der mear foar mooglikheden lizze as it giet om skriuwers en lêzers mear en better mei-inoar yn kontakt te bringen. Wy sykje mei klam it eksperimint op. In gruttere ynteraksje tusken skriuwers en lêzers ('konsuminten') stiet dêrby foarop.

Winkel

Hoewol't yn Nederlân de ôfrûne fiif jier de ôfset fan boeken omleech gien is mei 9%, is de omset krekt omheech gien mei 6%. Dat hat te krijen mei in stiging fan de gemiddelde priis de titel. Dy is sûnt 2018 mei 16% omheech gien en yn it literêr-kulturele segmint sels mei 18%. Der is mei oare wurden noch genôch romte foar it papieren boek.





Der bestiet lanlik fierder in tendins dat fysike boekhannels wichtich binne foar relatyf lytsere útjouwerijen. It binne de allergrutste útjouwerijen dy't it measte online boeken ferkeapje. Dit betsjut dat it goed is dat der yn alle gefallen ien winkel yn de provinsje bliuwt dy't spesjalisearre is yn de ferkeap fan alle Fryske boeken en boeken dy't mei (de skiednis fan) ús provinsje te krijen hawwe.

Tagelyk freegje dizze tiden om in winkel dy't mear te bieden hat as allinnich it ferkeapjen fan boeken. Yn nauwe gearhing mei alle oare projekten fan de Afûk sil dêr neidruklik nei sjoen wurde. Dat én it organisearjen fan mear moetingen tusken lêzers en skriuwers sil derfoar soargje dat de Afûkwinkel ek in wichtich sosjaal en kultureel moetingssplak bliuwt.

De webshop fan de Afûk draait eins sa't it moat: alle jierren nimt de omset licht ta. En it hat in goeie set west om in spesjale webshop foar Taalplan Frysk te

ûntwikkeljen. Sa kinne ûnderwiisinstellingen folle makliker in oersjoch fine fan alles wat leverber is oan learmateriaal en lêsböeken.

Fansels gean yn ús moderne maatskippij de technyske ûntwikkelingen hiel hurd en de webshop fregget wol allegeduerigen omtinken en moat jimmeroan by de tiid holden wurde.

Boeken fan Fryslân

Boeken fan Fryslân giet troch mei ferkeapbefoarderjende aktiviteiten en dêrneist stean lêsbefoarderingsaktiviteiten sintraal. Net alles kin by it âlde bliuwe: de boekemark én de lêskultuer is hieltyd yn beweging en dat betsjut dat wy iepen stean wolle foar nije ûntwikkelingen.

Ek Fryske boeken wurde hieltyd mear fia webshops ferkocht, sa't dat oeral op de wrâld bart. Foar de relatyf lytsere útjouwerijen dy't yn Fryslân binne,

“Minder wifi, mear poetry!”

Arjan Hut (Dichter fan Fryslân)

bliuwe fysike ferkeappunten needsaaklik. It bliuwt lykwols goed en effisjint om ek kollektyf de potinsjele boekkeapers op te sykjen wêr't sy binne: thús, op merken, 'fairs' en beurzen, lokale supermerken en wêr ek net. Boeken fan Fryslân hat dêrom alternative ferkeappunten realisearre. Dat dogge wy yn ferskate winkels, rûnom yn de provinsje, en dat dogge wy ek yn gearwurking mei Boekhandel Van der Velde: sy stelle romte beskikber, Boeken fan Fryslân leveret in breed oanbod oan Fryske titels oan.

Boeken fan Fryslân stipet de Christeljike Blinden Bibliotheek finansjeel om mei mooglik te meitsjen dat Fryske boeken beskikber komme foar minsken mei in fisuele beheining. Foar audioboeken is noch net in grutte merk yn Fryslân, mar Boeken fan Fryslân giet fia eksperiminten troch mei te ûndersykjen wat audioboeken (of podcasts) dwaan kinne foar de Fryske literatuer.

Krekt as by de útjouwerij moatte wy by Boeken fan Fryslân each hâlde foar nije ûntwikkelingen. Sa is it by muzyk al hiel fanselsprekkend dat men net betellet foar besit, mar earder foar tagong of gebrûk. It fertsjinnet oanbefelling om te sjen nei de mooglikheden fan it oanbieden fan abonnemintstsjinsten foar Fryske audioboeken en/of e-books. De ferkeap fan e-books en audioboeken yn Fryslân is op dit stuit noch hiel beheind.

Yn gearwurking mei rekreaasjeskip Marrekrite fersoarget Boeken fan Fryslân minimaal fjouwer kear jiers in Frysk gedicht foar op in saneamde TOP, in toeristyk oerstappunt mei ynformaasje oer de lokaasje. Op elke TOP is in gedicht te lêzen fan

in dichter út de omkriten. Der binne al in lytse 20 TOP's realisearre.

Mei partijen lykas It Skriuwersbûn, Tresoar en Ljouwert UNESCO City of Literature bliuwt Boeken fan Fryslân sykjen nei bettere mooglikheden om de kommende jierren mear lêzers fan it Fryske boek te berikken.

Sutelaksje

De Sutelaksje hat al mear as 50 jier syn wearde eins nea ferlern. Boeken ticht by de minsken bringe, is noch altyd ien fan de effisjintste manieren om boeken te ferkeapjen. En om't de sutelaksjes meastentiids troch doarpsferieningen útfierd wurde, stypje wy ek it ferieningslibben yn Fryslân om't sy 25% fan de omset hâlde meie.

Kadoboek

Alle jierren krijt in Fryske skriuwer de opdracht foar it skriuwen fan in Kadoboek. Dat boek krije lêzers yn de Fryske boekewike kado by oankeap fan Fryske boeken. De Fryske boekewike is sûnt in pear jier loskeppele fan de Nederlandse Boekenweek, want dat leveret in bettere ferkeap op. It Fryske boek konkurrearret dan minder mei it Nederlânsktalige (en tsjintwurdich ek Ingelsktalige) boek.

Boekewikegeskink

Wy stribje dernei om alle jierren it Nationale Boekenweekgeschenk yn it Frysk beskikber te stellen, yn gearwurking mei de CPNB. Dêrneist wolle wy besjen oft der faker in oersetting komme kin fan it nasjonale Kinderboekenweekgeschenk. Dat barde yn 2022 foar it earst en is fan alle kanten goed befallen.

Dichter fan Fryslân

Boeken fan Fryslân hat fan de provinsje de opdracht krigen om de Dichter fan Fryslân by te stean yn syn of har funksjonearjen, om sa rûnom yn de provinsje de poëzy mear sichtber te meitsjen. Eeltsje Hettinga wie de earste Dichter, nei him folgen Nyk de Vries, Sigrid Kingma en op dit stuit is Arjan Hut Dichter fan Fryslân. Yn novimber 2026 sil wer in nije keazen wurde.

Berneboeke-ambassadeur

De Berneboeke-ambassadeur (BBA) is mei yngong fan 1 jannewaris 2020 yn funksje en jout de Fryske taal en Fryske berneboeken in gesicht. Lida Dijkstra waard yn 2020 as earste beneamd as Berneboeke-ambassadeur. Sy waard yn jannewaris 2023 opfolge troch Tialda Hoogeveen. Yn jannewaris 2026 wurdt wer in nije Berneboeke-ambassadeur oansteld.

De BBA hat as taak Fryske berneboeken, taal en lêzen te promoatsjen en om de taalwille en de wurdskat te ferbetterjen by bern en docht dat troch ûnder oare alle wiken basisskoallen en middelbere skoallen te besykjen. Skoallen kinne harren fia de webside fan de BBA ynskriuwe foar in wurkwinkel. De Berneboeke-ambassadeur is in fraachbaak foar bern, âlden, learkrêften en oaren dy't ynteresse hawwe foar Fryske berneliteratuer en taal en wol in brêge foarmje tusken lêzers en brûkers fan de Fryske taal en organisaasjes. De ferkeap fan boeken oan skoallen wurdt ek keppele oan dy aktiviteiten. De Berneboeke-ambassadeur hat in eigen webside.

Ynternasjonale promoasje

De promoasje fan Fryske skriuwers, harren boeken en harren lêzers, makket diel út fan it brede takepakket fan Ljouwert UNESCO City of Literature (COL). De ûnôfhinklike wurkorganisaasje COL is administratyf ûnderbrocht by de Afûk. Opdrachtjouwers fan COL binne de gemeente Ljouwert, de provinsje Fryslân en Arcadia. De wichtichste doelstelling fan Ljouwert UNESCO City of Literature, ûnderdiel fan it ynternasjonale netwurk fan Creative Cities, is it ynsetten fan literatuer foar it realisearjen fan in leefbere takomst en it fierder ûntsluten fan de Fryske, Nederlânske en oarstalige literatuer yn Ljouwert-Fryslân, foar elkenien.

Yn dit ramt moat ek neamd wurde dat de Afûk in wichtige partner is yn it Europeeske projekt LIT-UP. Ferskate minderheidstaalregio's yn Europa hawwe de krêften bondele om dizze talen en gruttere taalgelikens troch literatuer te befoarderjen. It projekt hat as doel in duorsume struktuer op te bouwen foar it útwikseljen fan kennis en saakkundigens oangeande de produksje en promoasje fan literatuer yn minderheidstalen, en it fersterkjen fan de posysje fan literatuer yn minderheidstalen yn ferliking mei de gruttere talen. Boppedat kreëarje wy kânsen om dy literatuer, de boeken sels, ynternasjonaal út te wikseljen en skriuwers in ynternasjonaal poadium te bieden. It projekt rjochtet him dêrom benammen op skriuwers, útjouwers en organisaasjes dy't dwaande binne mei boekpromoasje.

De Afûk hat oersettingen fan berneboeken fan Paul van Dijk (Ladynysk) en Mirjam van Houten (Ladynysk, Faeroersk) realisearre. Dizze ûntwikkeling docht ús (én de skriuwers) deugd en wy sette dêr de kommende beliedsperioade bliuwend op yn.

Lêsbefoarding

Lêsbefoarding krijt binnen de Afûk breed omtinken, net allinnich fia it projekt Boeken fan Fryslân. Mei de Taalplanpartners wurkje wy oan in trochgeande lêslíne, organisearje wy de Lês-mar-foarwiken en wolle wy Keimpe de Krokodil noch mear ynsette by nij te ûntwikkeljen lêsbefoarderingprojekten yn de ûnderbou fan it primêr ûnderwiis én foar it middelber beropsûnderwiis (tink oan de *Bookzines* fan *Yung Frysk*). Foar de midden- en boppebou wurdt neitocht oer it tapassen fan it model fan *LêsNo*, dat al jierren binnen it fuortset ûnderwiis suksesfol is.

Op fersyk fan it Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân (PLF) fersoarget de Afûk yn 'e mande mei Cedin en Fers alle jierren lêsmateriaal foar *LêsNo*, dat benammen troch de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân stipe wurdt. It doel is om de jongerein yn it earste jier fan it fuortset ûnderwiis in Frysk boek lêze te litten. It projekt rjochtet him op alle learlingen yn de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis. Om dy te berikken, wurde de dosinten Frysk benadere troch Cedin. Wy dogge dat mei as ynset dat learlingen in positive lêsunderfining mei in Frysktalich boek opdwaan kinne.

Organisaasje

De organisaasje fan de Afûk stiet der goed foar. Yn de ôfrûne jierren is it ynstitút útwreide nei sa'n 35 wurknimmers.

It slagget noch hieltyd om goeie nije minsken te finen, mar wy ferwachtsje dat dat yn de kommende jierren dreger wurdt. Der is in goede ferhâlding tusken jonge en wat âldere kollega's en de man/frou-ferhâlding is ek prima. It is lykwols dreech om yn it personielsbestân mear kulturele diversiteit of kollega's mei ôfstân ta de arbeidsmerk te krijen. By it ynfoljen fan fakatueres hat dat ús omtinken.



Postbus 53
8900 AB Ljouwert

KANTOARADRES

Boterhoek 3
8911 DH Ljouwert

+31 (0)58 234 30 70

yngo@afuk.frl
www.afuk.frl

[linkedin.com/company/afuk](https://www.linkedin.com/company/afuk)
[facebook.com/stichtingafuk](https://www.facebook.com/stichtingafuk)
[instagram.com/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)

yllustraasjes: Jet van der Horst

